

7. Trouwe ?

“Mem, mei ik it âlde bakje mei printsjes ris útsykje?” Hinke seach Tytsje leaf oan. “No”, sei Tytsje, “dan moat heit it ek goed fine. Der sitte grif hiele moaie printsjes by en dêr bin ik sunich op”. Doe kaam Hinke by my: “Heit, mei ik dat bakje mei âlde printsjes útsykje? Mem fynt it goed as heit it ek goed fynt”.

Ik fûn it wol bêst. “Wy sjogge ommers nea nei dat âlde bakje om?”, sei ik tsjin Tytsje. Hinke rôp Hiske en Wopke derby. Hja leinen plat op it liif oer de flier.

De printsjes waarden útspraat. Muoike Akke út Hitsum hat se allegearre makke.

Hja kin noch altyd prachtich tekenje! De bern fûnen printsjes fan in ûle, fan in grutte kat mei gemiene eagen, fan in rûp, mar ek fan in flinter. It duorre net lang as Hiske en Wopke leinen sels te tekenjen. Hinke net. Hja socht biste- by

bisteprintsjes, tsjerke- by tsjerkeprintsjes en de blomkes by de blomkes. Doe rôp hja: “Mem, wannear hat muoike dit tekene? Heit en mem steane der op. Mem hat in prachtige strik yn ‘e sturt. Heit hat in sneinsk pak oan en jimme sturten binne stiif om inoar hinnewuolle. Wêrom hat muoike jim tekene?”

Tytsje en ik seagen ferheard op. It wie ús trouprintsje! En doe fertelde Tytsje:

“Doe’t jim heit en ik jong wienen hâlden wy al in skoft fan elkoar. Wy woenen wol trouwe, mar myn famylje wie it dêr net mei iens. Hja wûnen ha dat ik mei in dikke rike mûs út ‘e tsjerke fan Frjentsjer troude. Dy fûnen hja folle geskikter. Mar ik hâlde fan jim heit. En nóch! Wy hawwe lang geduld oefene en doe mochten wy dochs trouwe. Muoike Akke hat ús op ús troudei tekene. Dit printsje is eins de moaiste. Do kinst der goed op sjen dat wy fan elkoar hâlde en dat wy altyd by inoar bliuwe wolle”.

Pake kaam der ek by. Hy sei: “Wy hawwe ynkoarten ek in trouwerij yn tsjerke.

Ik haw heard dat de ferskillende tsjerken fan Achlum en Hitsum ien wurde.

Hja wolle tenei by inoar bliuwe. Hja belove elkoar ek trou!” Wopke fûn dat mar neat. “Hoe kinne tsjerken no mei inoar trouwe. Pake makket in grapke!”

Mar pake sei: “De minsken fan ‘e tsjerke wolle by elkoar hearre, sa sit it.

As jimme my net leuwe wolle moatte jimme op 25 jannewaris mar troch it kykgatsje sjen.

Dan fiere hja har troufeest”. No, wy sille dan wol sjen oft pake gelyk kriget. Komme jimme ek om te sjen oft it kloppet?

No, oant de oare kear.

Tynus de tsjerkemûs fan de Terp

